

Oanfraachformulier

Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter

Foarskoalske opfang

Formulier weromstjoere nei :	Deputearre Steaten fan de provinsje Fryslân Ôfdieling Subsydzjes Postbus 20120 8900 HM LJOUWERT
Besikersadres:	Provinsje Fryslân, Twibaksmerk 52 8911 KZ LJOUWERT
Kontaktgegevens:	Provinsje Fryslân Telefoan: 058 - 292 59 25 E-mail: provincie@fryslan.frl

Jo kinne it oanfraachformulier skriftlik yntsjinje fan 14 febrewaris 2022 oant en mei 15 novimber 2022. Tink derom dat it formulier yn it neamde tiidrek by ús ynkommen wêze moat. Nei't jo in folsleine oanfraach yntsjinne hawwe, krije jo binnen 13 wike berjocht oft jo skoalle foar subsydzje yn 'e beneaming komt.

Let op!

- Foar primêr en fuortset ûnderwiis en foar mbû, hbû, wû en RUG moatte jo in oar formulier brûke!
- De subsidiabele aktiviteit op grûn wêrfan't subsydzje ferliend wurde kin, moat foldwaan oan wat dêroer fêststeld is yn de *Subsydzjeregeling Frysk foar no en letter* en oan de Algemiene subsydzjeferoarderding provinsje Fryslân 2013. Jo kinne dizze fine op www.fryslan.frl/fryskfoarnoenletter
- It oanfraachformulier moat rjochtsjildich ûndertekene wêze troch de direksje fan de foarskoalske opfang. As de direkteur gjin (selsstannich) foech hat om in ferplichting oan te gean foar de hichte fan it subsydzjebedrach, moat de oanfraach ûndertekene wurde troch de persoanen dy't dêr wol in foech foar hawwe of der moat in machtiging fan de foechhawwende persoanen oan de oanfraach taheakke wurde.
- Folje it oanfraachformulier folslein yn. Foegje ek de taheakken ta dy't by ûnderdiel D neamd wurde. By in ûnfolsleine oanfraach freegje wy oanfoljende ynformaasje op. Dat hat gefolgen foar de folchoarder fan ferdieling fan it subsydzjejild.

BASISGEGEVENS	
<p>Namme foarskoalske opfang:</p> <p>LRK:</p>	
A. ALGEMIENE GEGEVENS	
A1. Gegevens oanfreger	
Namme direkteur:	
Postbus of strjitte en nûmer:	
Postkoade:	Plak:
Telefoannûmer:	
	Kontaktpersoan
Namme:	
Funksje:	
Telefoannûmer kontaktpersoan:	
E-mailadres:	
A2. Oare gegevens oanfreger	
Is de foarskoalske opfang ynskreaun by de Keamer fan Keaphannel?	<input type="checkbox"/> Nee <input type="checkbox"/> Ja
By ja: Ynskriuwingsnûmer fan de fêstiging:	
Hat de direkteur it selsstannich foech om in ferplichting oan te gean foar de hichte fan it oanfrege subsydzjebedrach?	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee ¹
A3. Bankgegevens fan de foarskoalske opfang	
Bankrekkennûmer (IBAN):	
Rekken op namme fan:	

¹ As de direkteur dat foech net hat, moat it skoalbestjoer de oanfraach ûndertekenje.
 Subsydzjeregelning Frysk foar no en letter - Foarskoalske opfang

Projektynformaasje		
1.	Hawwe jo foar deselde aktiviteit(en) dêr't jo no foar oanfreegje, earder troch de provinsje Fryslân of in oare ynstânsje subsidyzje krigen?	<input type="checkbox"/> Nee <input type="checkbox"/> Ja, nammentlik de subsidyzjeregeling:
2.	It frege subsidyzjebedrach:	Skoallings- of opliedingsaktiviteit: € <i>(100% fan de subsidiabele kosten)</i> Oanskaf materiaal: € <i>(80% fan de subsidiabele kosten)</i> It dielnimmen oan kultueredukaasje: € <i>(50% fan de subsidiabele kosten)</i> It ferfangen fan in wurknimmer: € <i>(€ 20 x oantal oeren)</i> <hr/> Totaal frege subsidyzjebedrach: €
Subsidiabele aktiviteit (meardere opsjes mooglik)		
1	Freegje jo oan foar:	a. it troch ien of meardere pedagogysk meiwurkers of pedagogysk wurknimmers dielnimmen oan in skoallings- of opliedingsaktiviteit op it mêd fan de Fryske taal en kultuer of meartalige didaktyk mei it each op it fuortsterkjen of fergrutsjen fan de posysje fan it Frysk op de foarskoalske lokaasje; <input type="checkbox"/> Nee, gean nei fraach 2 <input type="checkbox"/> Ja, beäntwurdzje de folgjende fragen:
a	De skoallings- of opliedingsaktiviteit wurdt inkeld en allinne folge troch ien of meardere by de oanfreger wurkjende pedagogysk meiwurkers of pedagogysk wurknimmers;	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee
b	Wêrom is der ferlet fan it folgjen fan in skoallings- of opliedingsaktiviteit foar it ferbetterjen fan it ûnderwiis yn de Fryske taal en kultuer of de meartalige didaktyk? (Foech in eventuele ekstra taljochting ta as taheakke)	

c	Om hokker skoalling/oplieding giet it?	
d	Wat is de begjin- en ferwachte eindatum fan de skoalling/oplieding?	
e	De skoallings- of opliedingsaktiviteit wurdt troch in dêrta kwalifisearre saakkundige fersoarge;	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee
f	De skoallings- of opliedingsaktiviteit wurdt ôfsletten mei in skoallingsbewiis, diploma of sertifikaat.	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee

2	Freegje jo oan foar:	b. it oanskaffen fan Frysktalige fysike of digitale lêsböeken, lesmetoaden of oar ûnderwiismateriaal, as dat nedich is om it Frysk in yntegraal plak te jaan yn it aktiviteite-oanbod; <input type="checkbox"/> Nee, gean nei fraach 3 <input type="checkbox"/> Ja, foech offerte of faktuer ta mei de eksakte kosten fan it materiaal en beäntwurdzje de folgjende fraach:
a	de oan te skaffen nije lesmetoaden, lêsböeken of oar ûnderwiismateriaal binne oantoanber nedich foar it fersoargjen fan de ûnderwiistaak yn, of oer it Frysk en binne noch net of noch net genôch oanwêzich;	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee

3	Freegje jo oan foar:	c. it dielnimmen yn organisearre groepsferbân oan in aktiviteit mei as eachmerk kultueredukaasje; <input type="checkbox"/> Nee, gean nei fraach 4 <input type="checkbox"/> Ja, foech faktuer/offerte ta mei de eksakte kosten en beäntwurdzje de folgjende fraach:
a	Der is sprake fan in organisearre aktiviteit kultueredukaasje yn groepsferbân.	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee

4	Freegje jo oan foar:	d. It ferfangen fan in wurknimmer of meiwurker om dizze persoan yn steat te stellen in kursus of oplieding folgje te litten op it mêd fan de Fryske taal en kultuer of meartalige didaktyk mei it each op it fuortsterkjen of fergrutsjen fan de posysje fan it Frysk op de foarskoalske lokaasje. <input type="checkbox"/> Nee <input type="checkbox"/> Ja, beäntwurdzje de folgjende fragen:
a	De pedagogysk meiwurker of wurknimmer fan de foarskoalske lokaasje wurdt lykweardich ferfongen om in skoalling of oplieding folgje te kinnen op it mêd fan de Fryske taal en kultuer of meartalige didaktyk mei it each op it fuortsterkjen of fergrutsjen fan de posysje fan it Frysk op de foarskoalske lokaasje, sadat de wurksumheden fan de pedagogysk meiwurker of wurknimmer net ûnderbrutsen wurde.	<input type="checkbox"/> Ja <input type="checkbox"/> Nee
a	Foar hoefolle oeren moat de wurknimmer ferfongen wurde? It subsidyzje bedrach is € 20 it oere.	oeren X € 20 it oere = €

D. Ferplichte taheakken	
Aktueel úttreksel fan de Keamer fan Keaphannel	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd
Projektplan (Lis út wêrom't subsidyzje nedich is om it Frysk op nivo te bringen of te hâlden)	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd
Faktuer(en) of offerte (Ferplicht yn gefal fan lesmateriaal en it dielnimmen oan in kulturele groepsaktiviteit. Offerte mei net âlder as 3 moannen wêze.)	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd <input type="checkbox"/> Net fan tapassing
Kopy fan statuten (Yn gefal fan mienskiplik foech.)	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd <input type="checkbox"/> Net fan tapassing
Machtiging As jo ien machtigje om út namme fan jo rjochtspersoan de subsidyzje-oanfraach yn te tsjinjen, dan moat de folmacht rjochtsjildich ûndertekene wêze.	<input type="checkbox"/> As taheakke meistjoerd <input type="checkbox"/> Net fan tapassing

D. Ferklearring

Underskreaune ferklearret:

- dat alle ynformaasje op it oanfraachformulier en de taheakken nei wierheid ynfolle is;
- dat hy/sy him/har hâlde sil oan de betingsten en ferplichtings yn de oanbelangjende subsydzjeregelings en de oare wetlike regelings dy't fan tapassing binne;
- ree te wêzen om alle ynformaasje dêr't om frege wurdt beskikber te stellen oan funksjonarissen dy't troch de subsydzjejouwer foar dat doel oanwiisd binne;
- net yn surseânse fan beteljen of yn steat fan fallisemint te ferkearen.

E. Ûndertekening troch de direkteur

Dit oanfraachformulier moat rjochtsjildich ûndertekene wurde. As de direkteur gjin selsstannich foech hat om de skoalle rjochtlik te fertsjintwurdigjen, moat it skoalbestjoer tekenje.

Nei wierheid ynfolle en ûndertekene:

Plak:

Datum:

Namme:

Hantekening:

.....

.....

Yn it gefal fan in mienskiplik foech, hantekenings fan it skoalbestjoer.

Nammen:

Hantekenings:

.....

.....

.....

.....

.....

.....